

Ofdieling B

"De Lofstem" fan Wjelsryp (dir. frou A. Herrema-Douma) sette yn mei "Sjong foar de Hear in gesang. Fris songen en wol suver. Men koe respekt ha foar de wize der't de aparte komposysje fan B. Smilde "de Jerusalmihymne" op songen waard. De klank wie goed, it bleau allinne allegearre hwat stiif en like hwat tofolle op in drôvige prosesje, soms, wylst it in feesttocht forbyldzje moat, alhoewol net útlitten.

"Sjong de Heare" fan Easternijtsjerk (dir. F. Hofma) hie as forplicht nûmer ek 'Sjong foar de Hear'. In fiks koar dat dit wurkje wol oan koe, in folle toan en in goede toardracht, hwat soe men noch mear wolle? De twade komposysje fan J. Perti (om 1700 hinne) kaem ek bêst ta syn rjocht, mei in moaije toan, foarming dy't ek by de manlju opfoel. Soe der alris earder in wurk fan Perti by dizze konkorsen songen wêze?

